

Tankwurd Paul van Dijk – Douwe Tammingapriis 2022

Beste famylje en freonen, muzykmaten, sjueryleden, kollega-skriuwers en oare kunde,

Geweldich dat ik hjir fannemiddei stean mei. It krijen fan de Douwe Tammingapriis is in grutte eare. As ik dan in priis krije mei, dan graach dizze. Douwe Tamminga skreau yn 1968 *In Memoriam* mei oantinkens oan syn ferstoarne soan. Dat ik no *syn* priis krij foar in bondel oer ús ferstoarne dochterke... dat rekket my. Dat binne ûnsichtbere linen.

Ik stean hjir mei in dûbel gefoel. Oan de iene kant bliid dat myn bondel útkeazen is en dat der sjoen is dat it de muoite wurdich is; dat it sjoen is wêr't ik mei dwaande bin; en oan de oare kant de oanlieding fan de bondel: it ferlies fan ús dochterke, Daniek.

Grutskens en slim fertriet. Twa emoasjes dy't eins te fier by elkoar wei lizze.

'Moai dat der fan soks fertrietliks soks moais komme kin,' sei ien ferline wike tsjin my. Sa is it tink ik. Dat fyn ik hiel weardefol. Dat minsken wat oan dizze bondel hawwe kinne, dat is hiel moai. Mar...It is gjin 'zelfhulpboek', it is ek perfoarst gjin 'deiboek'. It is poëzij. Net alles is wier. Guon dingen wol, oare dingen net. It giet oer minsken en plakken, oer oanwezigheid en ôfwêzigheid. Wat de bondel wol is? In goede oanlieding om it ûnderwerp besprekber te meitsjen.

Dêr kaam ik achter by de presintaasje yn Warkum. Dêr dienen we wat we hjir fannemiddei ek dogge: muzyk meitsje by de gedichten of de gedichten op de muzyk foarlêze...sis it mar. Mar it moaiste, ek wol it dreechste, wienen de minsken dy't achterôf by my kamen: wy hawwe in jonkje ferlern, wy hawwe in famke ferlern...fijn dat we it der hjoed wer ris oer hawwe kinne...

It wie net myn yntinsje om in dichtbondel oer ús dochterke te skriuwen. Ik hie wolris wat op gedichten ompreaun, mar fûn it meastentiids net goed genôch. Op in bepaald stuit hie ik de gewoante om moarns betiid in skriuwblok fol te skriuwen. Ik hie ergens lêzen dat dat helpt, dat dyn innerlike kritikus dan noch net wakker is en datst dan lekker frij skriuwe kinst. Mwah....*myn* ynnerlike kritikus sliept net...

Wat ik skreau wienen net gedichten. It wie deiboekeftich materiaal. Sa no en dan kaam der in moai wurd foarby of in apart byld. Dêr die ik dan wol wat mei. Al gau waarden dat gedichten.

It begûn mei in gedicht oer in bosk, oer pratende foksen op it tillefonnepaad, oer Rudy Lobisch dy't moarns betiid om seis oere op de Alddyk by Warkum oan it saksofoan spyljen is. Oer ús heit op syn fyts.

Mar eins kaam eltse moarn op myn skriuwblok ús dochterke werom op papier. Doe waard my dúdlik dat myn tema net Warkum, net muzyk of it bosk wurde soe, mar it ferlies fan har.

En sa krige alles gearhing. Alle gedichten út dizze tiid passe by inoar. Se binne wa't ik op dat momint wie.

Der is wol wat nuvers oan de hân. Ik haw it gefoel dat ik de gedichten yn 'famke fan snie' flak nei it ferlies fan ús famke yn 2012 skreaun haw. Yn in frij koarte tiid. Dat is net sa.

Yn in ynterview mei Jan Ybema rekke ik fertize yn myn eigen ferhaal. 'Famke fan snie' kaam nammentlik út yn 2018. Der siet seis jier tusken....

Minsken dy't wat traumatysk meimakke hawwe sille dit werkenne: de tiid set de dingen dêrnei yn in oare foalchoarder del.

Dizze bondel hie net ferskine kinnen sûnder de stipe fan in oantal misnken. Dy wol ik graach

tanksizze.

Alderearst, alle minsken fan de Afûk, Hermien van der Meer, Ida Heddema en Ernst Bruinsma yn it bysûnder. Tank foar jim stipe en jim fertrouwen. Jim seagen it sitten om myn dichtbondel út te jaan.

By de Afûk kaam ik in kear, ergens op de gong, Eeltsje Hettinga tsjin. Ik koe him in bytsje, wist wa't er wie en wat er die, en it leuke wie...hy koe my ek. We hienen in fluchtich, fleurich petear, want hy hie in ôfspraak en ik soe eins fuort, mar tusken noas en lippen doarde ik him te fertellen dat ik ek gedichten skreau. 'Soest ris wat fan my lêze wolle?' 'Stjoer mar wat op' sei Eeltsje doe. Eeltsje, wat haw ik in protte oan dy kommintaar hân, it hat de gedichten yn dizze bondel better makke. Tank dêrfoar. Ik bin bliid dat ik ek foar myn twadde bondel by dy telâne kin.

En dan de mannen dy't hjir om my hinne sitte. Myn muzykmaten.

Mei Pieter, Jurjen, Jan, Rudy en Thys haw ik muzyk makke mei de presintaasje en letter ek op oare plakken. û.o. by Explore the North hawwe we optredens dien.

Doe't ik de mannen by de earste repetysje fertelde wat de bedoeling wie seagen se my earst wat glêzich oan. Muzyk by de gedichten...as in ferske of sa... hoe dan? Ik wist it sels ek net hielendal mar...sa dus!

Letter dienen we it nochris oer mar doe mei Thys Wadman, Fokko Drent en Lody Franzen.

Lody Franzen hie hjir hjoed gitaar spylje sillen mar...trije wiken lyn is er samar stoarn. We kinne der noch hieltyd net by dat er der net mear is. Ik tink hjoed ek oan him, hy is der foar my ek by. Fokko, Thys en Jurjen bedankt dat jim hjoed dizze muzykstikken nochris mei my spylje wolle.

Dan myn famylje, heit, mem, Simonia en Gerard, mar ek myn oare famylje Jan, Cilia, Wytske, Stoffel, Seakle en Renske. Bedankt foar alles en sa fijn dat jim hjir hjoed binne.

Ik fyn it ek geweldich dat myn freonen hjir fannemiddei binne.

Lydia, bedankt datst altyd achter my stiest, hâldst der net sa fan dat ik dit sa hjir sis, mar troch dy is dizze bondel der kaam. Dizze priis is ek foar dy en foar Daniek.

Hidde, wat moai datsto hjoed ek by heit syn priisútrikking bist jonge. It lêste gedicht fan fannemiddei haw ik foar dy skreaun.

Ta beslút:

Wat my lûkt oan it skriuwen fan gedichten? Dat is it boartsjen mei taal, it ûngrypbere wat in gedicht hawwe kin en it feit dat alles yn in gedicht kin.

Dat betsjut net dat it skriuwen fan in gedicht maklik is. Kinst net oan in gedicht begjinne omt'st graach oer ien of oare grutte libbenskwestje skriuwe wolst. Nee, dat wurket meastal net.

It begjint faak hiel lyts, mei in sin, in wurd, mei in famke...

en as dêr dan in moai gedicht út rûgelet dan is dat in wûnder.

Dankewol.